



Sjochtip

Omrop Fryslân jout de natuer in poadium yn *Klik! Mei de natuer*

Te sjen fan 1 september ôf

Yn it nije programma *Klik! Mei de natuer* nimt presintatrise Laura Oosterloo dy mei nei al it bysûndere fan de natuer. Mei frijwilligers lûkt se de moaiste Fryske gebieten yn, om bysûndere planten en bisten te finen en dat fia foto's fêst te lizzen. Mei elke ûntdekking groeit har bewûndering foar de natuer en de wurdearing foar de minsken dy't harren dêr mei hert en siel foar ynsette.

In poadium oan de ûnmisbere natuerfrijwilligers

Fol nijsgjirrigens en entûsjasme giet Laura de natuer yn. Dat docht se net allinnich, mar mei frijwilligers. Natuerorganisaasjes kinne der net sûnder; se binne ûnmisber foar it behâld, behear en herstel fan natuergebieten troch harren ynset, kennis en belutsenens. Yn *Klik! mei de natuer* jouwe we in poadium oan dy frijwilligers en harren ynset.

Elke ôflevering stiet yn it ramt fan in natuerferskynsel en in frijwilliger. Sa siket Laura reptilen en amfibyen yn de prachtige bosken fan Beetstersweach en kleurrike poddestuollen mei it ikoanyske duo Jan en Jan.

Eksposysje yn it Natuurmuseum Fryslân

Mar dat is net alles. Yn elke ôflevering hat Laura de opdracht om in sa moai mooglike foto te meitsjen. Dit docht se nei it krijen fan tips en tricks fan in fotograaf. Sa'n foto makket se fan bygelyks in spesjale plant of bist. It doel hjirfan is om úteinlik in eksposysje fan seis foto's te meitsjen foar yn it Natuurmuseum Fryslân. Dy eksposysje is fan de earste ôflevering ôf acht wiken te bewûnderjen yn it museum.

Klik! sels ek yn 'e natuer

Gean krekt as Laura sels ek de natuer yn. Sykje de moaiste floara en fauna op en meitsje hjir in foto fan. Stjoer de foto op en wa wit wurdt dyn foto wol sjen litten yn de folgjende ôflevering!

Klik! mei de natuer

Klik! mei de natuer is fan moandei 1 september ôf eltse moandei om 17.15 oere te sjen by Omrop Fryslân op telefyzje, YouTube, de Omrop-app en webside.



Omrop Fryslân



Kom fierder



Kijktip

Omrop Fryslân geeft de natuur een podium in *Klik! Mei de natuer*

Te zien vanaf 1 september

In het nieuwe programma *Klik! mei de natuer* neemt presentatrice Laura Oosterloo jou mee naar al het bijzondere van de natuur. Samen met vrijwilligers trekt ze de mooiste Friese gebieden in, om bijzondere planten en beesten te vinden en dit via foto's vast te leggen. Met elke ontdekking groeit haar bewondering voor de natuur en de waardering voor de mensen die zich hier met hart en ziel voor inzetten.

Een podium aan de onmisbare natuurvrijwilligers

Vol nieuwsgierigheid en enthousiasme gaat Laura de natuur in. Dit doet ze niet alleen, maar samen met vrijwilligers. Natuurorganisaties kunnen er niet zonder; ze zijn onmisbaar voor het behoud, beheer en herstel van natuurgebieden door hun inzet, kennis en betrokkenheid. In *Klik! mei de natuer* geven we een podium aan deze vrijwilligers en hun inzet.

Elke aflevering staat in het teken van een natuurverschijnsel en een vrijwilliger. Zo zoekt Laura reptielen en amfibieën in de prachtige bossen van Beetsterzwaag en kleurrijke paddenstoelen met het iconische duo Jan en Jan. Laura ontdekt wat voor moois de natuur allemaal heeft te bieden en hoe belangrijk het werk van de vrijwilligers is.

Expositie in het Natuurmuseum Fryslân

Maar dit is niet alles. In elke aflevering heeft Laura de opdracht om een zo mooi mogelijke foto te maken. Dit doet ze na het krijgen van tips en tricks van een fotograaf. Zo'n foto maakt ze van bijvoorbeeld een speciale plant of beest. Het doel hiervan is om uiteindelijk een expositie van zes foto's te maken voor in het Natuurmuseum Fryslân. Deze expositie is vanaf de eerste aflevering acht weken te bewonderen in het museum.

Klik! zelf ook in de natuur

Ga net als Laura zelf ook de natuur in. Zoek de mooiste flora of fauna op en maak hier een foto van. Stuur deze foto op en wie weet wordt jouw foto wel laten zien in de volgende aflevering!

Klik! mei de natuer

Klik! mei de natuer is vanaf 1 september elke maandag om 17.15 uur te zien bij Omrop Fryslân op televisie, YouTube, de Omrop-app en website.



Omrop Fryslân



Kom fierder